

Keatskronyk 2011

Kronykskriuwers út it ferline wurde faaks sitearre om in byld fan in bepaalde perioade op te roppen. Yn hoefier't sa'n tiidsbyld kloppet, bliuwt altiten in ûnderwerp fan diskusje. Dat jildt ek foar dizze kronyk. In subjektive fisy fan ien inkelde persoan op in hiel jier keatserij, it bliuwt in persoanlike kar.

Gemis

It keatsjier begûn yn mineur. Yn it lêst fan jannewaris kaam ús wurdearre meiwurker Gert Gort by in auto-ûngemak om it libben. Gert, noch mar 49, wie op de keatsfjilden ûnopfallend, mar likegoed altiten markant oanwêzich. De jas iepen, kameratas oer it skouder en yn de rjochterhân de kamera mei telelins. Altiten dwaande mei de bêste posysje en it ynskatten fan it ultime momint. Yn dy sin wied er topsporter. Efternei jout it in goed gefoel dat wy him oan it wurd litten ha yn *De Keatsfreon* fan 2009. De fotoreportazje oer de PC fan 2010 yn de foarige edysje wie in treflike hommaazje oan ús freon dé keatsfotograaf.

Keatsakademy

De Frieslandbank Kaatsacademy sette yn augustus 2010 útein mei in oplieding foar eco-coaching. As kearnwurden foar de ynfolling fan it begryp eco-waarden neamd: tûker, oars, fernijend, mei-inoar en duorsum. Sa'n fyftjin, meast aktive, keatstrainers folgen dizze kursus en waarden yn jannewaris sertifisearre. Dêr bleau it net by. De eco-coaches koenen daliks oan de slach mei it begelieden fan selektearre talinteteams. Bûnscoach Tjalling van den



Gert Gort op syn krukje oan de râne fan it keatsfjild, wachtsjend op dat iene momint. Foto: argyf Gert Gort.

Berg, driuwende krêft efter dit eco-barren, kaam yn it foarjier mei in kursus foar eco-jeugdcoaches en eco-skiedsrjochters. Yn de hjerst waarden eco-bestjoerders oplaate en de ôfrûne simmer wie der mei sprekker Jillert Anema noch in jûn oer it tema 'âlders yn de sport'. Hoe't men ek tinkt oer de bûnscoach en syn nijmoedrich oandwaande eco-inisjativen, hy sette de keatsfamylje wol oan it tinken.

Yn Arum, St. Anne, Makkum, Dronryp en Wommels waarden 'keatsskoallen' oprjochte, om mei mear ynhâld en saakkundigens de jeugd it keatsen by te bringen. Dat dêr ferlet fan wie, die bliken út de goede



opkomst foar dy nije trainingsfoarm. Skaadkant fan de fernijing is de sinteraasje. Mei yn guon gefallen trainingskosten fan in pear hûndert euro is it keatsen al lang net mear de goedkeape folkssport dy't it de-sennia lang wie. Foar hûshâldings mei mear bern dy't der oan meidogge in swiere belêsting.

Keatsmuseum op eigen fuotten

Op de algemiene foarjiersjiergearkomste fan de KNKB waard it beslút nommen om it Keatsmuseum los te keppeljen fan it Keatsbûn. De gearkomst gie akkoart mei de tasizzing dat it bûn wol finansjeel skatplichtich

bliuwt oan it museum. Om de tried tusken Keatsbûn en museum net hielendal te ferbrekken, hâldt de KNKB it rjocht om ien bestjoerslid te beneamen. Mei twa selsstannige stiftings, foar sawol eksploitaasje as behear en presintaasje, kin de nije situaasje mei yngong fan 1 jannewaris 2012 yn gong set wurde. De nije bestjoerders steane foar de net lytse útdaging om yn in tiid wêryn't it jild hieltiten krupper wurdt, it museum oan te passen oan de easken fan de tiid.

De affêre Van der Leest

Weromtinkend oan it ôfrûne jier is yn sportyf opsicht 'de affêre-Van der Leest' spitigernôch oerhearskjend. Marten van der Leest jr. waard op de PC nei it winnen fan de earste omloop troch syn maten út it partoer set. Om't Marten in blessuere hie oan de earmtakke, hienen syn maten gjin betrouwen yn in súksesfol ferfolch. Sok hanneljen wie noch nea earder foarfal- len en joech nei it bekend wurden daliks in protte opskuor. Ek yn de nije gearstalling, mei Jan Dirk de Groot as opslagger, koenen Folkert van der Wei en Herman Sprik it spul net brekke en se ferlearen yn de heale finale fan de lettere winners.

It spul krige yn de dagen dêrnei noch in ferfelend sturtsje. *Omrop Fryslân* sette de toan troch yn in útstjoering mei de PC-winners mear oandacht te skinken oan 'de affêre' as oan harren prestaasje. By Marten van der Leest en Herman Sprik wie de aardichheid der ôf. Van der Leest gie út himsels werom nei de Earste-klasse en Sprik joech oan dat er nei it seizoen stoppe mei keatsen. In PC mei mear ferlies as winst.

Jannewaris

3. Jan Bosgra fan Frjentsjer wurdt beneamd ta lid fan de PC. Hy folget Johan Dijkstra op, dy't om reden fan syn leeftyd statutêr ôftrede moat. Bosgra kriget yn it bestjoer de funksje fan ponghâlder.

4. Op de nijjiersresepsje fan de Friesland Bank yn it Fries Congrescentrum yn Drachten jout in tal topkeatsers in keatsdemonstraasje.

5. Gert Anne van der Bos wurdt troch de gemeente Dongeradiel keazen as sportman fan it jier. It frouljuspartoer fan Ie wurdt sportploech fan it jier.

17. Ynternasjonaal trainingswykein One Wall op It Hearrenfean, mei dielname fan Ingelske, Belgyske en Fryske spilers.

18. Offisjele start fan de keatsskoalle St. Anne. Aldbûnstrainer Jan de Groot is dêr de driuwende krêft.

28. Keatsfotograaf Gert Gort fan Harns komt by in iensidich auto-ûngemak om it libben. Hy wie de lêste jierren in fêste meiwurker oan ús blêd, dy't dat, lykas de oaren, fergees die. Dêrnjonken levere er ek foto's foar de *Wis-In* en makke er op fersyk spesjale foto-albums foar yndividuele keatsers.

Febrewaris

16. Yn de gemeente Frjentsjerteradiel wurdt it skoalfamkespartoer fan Seisbierrum útroppen ta sportploech fan it jier. It partoer bestie út Pytrik Visser, Janneke Ennema en Hendrieke van der Schoot.

22. Juwelier Kramer fan Frjentsjer keapet op in feiling yn Drylts in sulveren keatsbal, dy't oarspronklik yn 1794 te Berltsum ferkeatst is.

Maart

2. Afke Hijlkema kriget op it Friese Sportgala de Oeuvrepriis 2010. Sy hat 15 jier keatst yn de haadklasse en stiet mei mear as 800 punten fier boppe-oan yn it puntelassemint.

5. Gerrit van Rees fan Minnertsgea kriget foar syn bestjoerlike fertsjinsten it bûnsynsynje. Hy siet 26 jier yn it bestjoer fan de Federaasje Barradiel en 20 jier yn it bestjoer fan KF Minnertsgea.

24. Thijs Houtsma fan St. Jabik hat him 18 jier lang fertsjinstlik makke yn it bestjoer fan KF Het Noorden en kriget it bûnsynsynje opspjelde. Troch de eigen feriening wurdt er beneamd ta lid fan fertsjinste.

26. Haadklassekeatsster Judy Bergsma rint by it follybaljen in swiere blessuere op en kin it hiele jier net keatse.

April

1. Rutmer van der Meer makket bekend dat er oan de ein fan it seizoen stoppet mei keatsen.

2. Siep Heslinga nimt nei 22 jier ôfskied fan it bestjoer fan KF OKK yn Bitgum. Hy kriget it Bûnsynsynje en wurdt beneamd ta earelid fan OKK.

5. KF Jan Bogtstra, dy't ynearsten gjin bestjoersleden fine koe, hat nei in needgjalp it bestjoer wer kompleet. Sân nije minsken ha har oanmeld. Yn de algemiene jiergearkomste fan Jan Bogtstra kriget Anke Bootsma foar 19 jier bestjoerlike aktiviteit it bûnsynsynje.

8. Op de algemiene foarjiersgearkomste fan de KNKB wurdt besletten dat it Keatsmuseum fierder giet as



Pier Piersma en Jan Dirk de Groot, de nije rekordhâlders fan it baltsjeferdriuwen. Foto: Suwarda Vis.

selsstannige stifting. De KNKB ferplichtet har ta it finansjeel stypjen fan de nije stifting en kriget it rjocht om ien bestjoerslid sels te beneamen. Yn deselde gearkomste wurde besluten nommen oer keatsskuon, dispensaasje foar it útkommen yn in hegere leeftiids-groep en oer de organisaasje fan de NK's. Ut it fer-slach fan de ponghâlder docht bliken dat de finansjele posysje fan it bûn ferbettere is.

9. Johan Dijkstra hat syn opfolger by de PC ynwurke en nimt offisjeel ôfskied. Hy kriget in keninklike ûnderskieding yn de Orde fan Oranje Nassau.

16. De iennichste selsstannige muorrekeatsferiening fan Fryslân, MKF De Wide Stege yn Jirnsum, iepenet har nije bûtenbaan mei it ûntbleatsjen fan it namme-buordsje 'It Keatsplein'.

27. Sjoukje Visser fan Ie kriget as twadde dame 'De fjouwer wimpels', foar it winnen fan de fjouwer klas-sike wedstriden by it frouljuskeatsen.

29. By de saneamde 'lintjesregen' krije Sieds Rienks

en Cees de Groot, beide fan LKC Ljouwert, en it pear Roelie en Siep Berkepas fan KF Cannegieter út Balk in keninklike ûnderskieding.

Maaie

1. Sportfysioterapeut Jelle Eijzenga yn Berltsum be-gjint mei in telefoanyske sprekoere foar keatsers. Se kinne him tenei elke moanditemoarn tusken 8.00 en 9.00 oere skilje.

5. PC-winner (2006 en 2007) Johan van der Meulen makket syn debút yn de Belgyske peloatekmpetysje.

8. Cornelis Terpstra wint, nei 't er fiif jier fanwege in swiere blessure net keatst hat, daliks yn de Earste-klasse de priis op in frijeformaasjepartij yn Menaam.

12. Cor Vos fan Ljouwert ferstjert yn de âldens fan 74 jier. Hy wie fan 1985 oant en mei 2001 masseur by de KNKB en dêrnei ek aktyf as rapporteur by de BCS. Hy makke him fan de oprjochting ôf yn 1994 oant 2002 fertsjinstlik foar de 55+- keatsers. Yn 2005

waard er troch de LKC beneamd ta lid fan fertsjinste.

18. Op de Greidhoekepartij wurdt eksperimintearre mei giele en rôze keatsballen. Se binne neffens de keatsers foaral makliker te finen yn 'e strûken.

Juny

5. De Stichting Score giet om yntern-organisatoaryske redenen útinoar. In diel fan de belutsenen giet fierder ûnder de namme 'Puur Passie'.

10. Jan Dirk de Groot en Pier Piersma ferpolverje yn Gaast it âlde rekord baltsjeferdriuwen, dat sûnt 2007 mei 1.553 kear op namme stie fan Rutmer van der Meer en Chris Wassenaar. It nije rekord stiet no eksakt op 3.000 kear 'hinne en wer'.

18. Grutte reuny-keatspartij fan âld-CFK-keatsers yn Berltsum. Njonken it moetsjen, bypraten en keatsen wie dêr ek in earste presintaasje fan CFK-foto's. Doel is om ek alle CFK-foto's, dy't no yn besit fan it Keats-museum binne, te scannen en beskikber te stellen fia www.kaatshistorie.nl

26. Teake de Jong fan Berltsum, jierrenlang aktyf yn CFK-ferbân, ferstjert yn de âldens fan 69 jier.

July

1. De keatsmuorren by it gebou fan it CIOS op It Hearrenfean wurde offisjeel yn gebrûk nommen.

9. KF Nije Moed yn Drylts fiert it 90-jierrich bestean mei in jubileumpartij.

17. Dronryp wurdt yn Easterlittens winner fan it aloan mear besikers lûkende Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote.

20. Maaïke Joostema fan Minnertsgea, yn 2007 winnares fan de Frouljus PC, makket bekend dat sy akút stoppet mei keatsen. Sy kin net mear har nivo helje en dêrmei is foar har de aardichheid der ôf.

20. De 29ste Takomstpartij yn Easterbierrum hat € 2.000,- opsmiten. It jildt wurdt bestege oan de handikapte sport en oerdroegen oan de Stichting Spelend Sporten yn Ljouwert.

21. Rutmer van der Meer makket bekend dat de PC fan 2011 syn lêste partij wurdt. Hy soe earst it seizoen ôfmeitsje, mar dêr komt er op werom.

24. Ek Gerrit Flisijn, yn 2010 ferrassend finalist op de PC, hâldt der nei de kommende PC mei op.

25. Johan van der Meulen hat besluten om yn 2012 wer yn Fryslân te keatsen.

25. Klaas Pikel fan Rie ferstjert. Hy kaam yn de earste jierren nei de Twadde Wrâldkriich út op de earsteklas-se. Hy kaam dêryn ta 35 punten. Meast oansprek-kend wie de preemje op de Bûnswedstriid fan 1948.

26. Ald-PC-winner Tjisse Wallendal presintearret yn gearwurking mei Veva Ekkelenkamp en Dick Seegers in businessplan foar de KNKB. It plan is opsteld yn it kader fan harren oplieding ta Master of Sport.

26. Hedzer van der Kooi, 36 jier foarsitter en boech-byld fan KF Oostergo út Dokkum, ferstjert yn de âldens fan 70 jier.

27. Jappie Miedema fan Stiens kriget as dielnimmer oan in wedstriid foar de 55+ yn Balk in hertilstân. Hy soe letter dy dei yn it sikehûs ferstjerre. Hy waard 63 jier.

Augustus

3. It gesprek fan de PC gie dit jier oer it oan de kant



Klaas Herrema yn 'e krânse. Hy waard op 25 juny 1977 kening op de útnoegingspartij yn Holwert. Njonken him syn maten Henk Leeuwen en Dirk Fokkema. Foto: argyf Keatsmuseum.

setten fan Marten van der Leest jr. Syn maten hie-nen nei de earste omloop gjin fertrouwen mear yn him, om't er lêst fan in blessuere hie. Van der Leest sels woe trochkeatse, mar ûnder druk fan syn maten hâlde er op. Ek mei in oare opslagger koenen syn maten gjin priis winne.

7. Marten van der Leest makket bekend dat er dit jier net mear op 'e haadklasse keatse sil en syn eardere partoermaat Herman Sprik beslút om oan de ein fan it seizoen op te hâlden.

21. Iepening yn Easterbierrum fan in útstalling mei wurk fan de keunstner/keatser Sjoerd Dirk Janzen, dy't yn 2006 ferstoarn is.

Septimber

3. KF Baard bestiet 110 jier en betinkt dat mei in jubileumwedstriid foar leden en âld-leden.

6. De KNKB makket bekend dat kommersjeel mana-ger Anneke Westra mei yngong fan 1 novimber har wurk by de KNKB delleit.

15. Ald-haadklassekeatser Klaas Herrema, oarspronklik fan St. Jabik, mar letter wenjend yn Poppenwier, ferstjert yn 'e âldens fan 60 jier. Herrema wie opslag-ger, dy't, mei troch syn lingte, in markante ferskining foarme op de keatsfjilden. Hy behelle op haadklasse-nivo 63 punten en wie dêrnjonken ek in tal jierren fêste spiler yn de Jeu de Peloteploech.

28. Wichard Deinum en Jappie Wijnia begjinne yn gearwurking mei KF Wommels 'Keatsskoalle De Greidhoeke'.

29. Ald-HB-lid Kars Klok ferstjert, 80 jier âld. Hy wie goed 20 jier lid fan it haadbestjoer fan de KNKB, earst as twadde skriuwer en letter as ponghâlder. Hy wie earelid fan de KNKB.

Oktober

1. Fan begjin oktober oant en mei 4 desimber is der yn it Hannemahûs yn Harns ûnder de titel 'Door de lens van Gert Gort' in útstalling fan syn wurk.

11. Ike van der Meulen fan Broeksterwâld ferstjert op 58-jierrige leeftiid. Hy wie in markante ferskinning op de keatsfjilden, earst as supporter fan Jarich van der Veen en letter fan syn soan Johan. De tekst yn syn rou-advertinsje, 'lyts fan stik, mar grut yn eigenheid', wie treffend.

24. De Fryske keatsers ferlieze krekt de heale finale fan de saneamde Champions League fan it Llagues yn it Spaanske Pamplona.

Novimber

6. Ellen Seerden Wagenaar wurdt by de KNKB de opfolger fan Anneke Westra yn de funksje fan kommersjeel manager.

24. Op in rêstige Algemiene Neijersgearnomste wurde de tribunebouwers Cees de Groot (Ljouwert), Jan

Leijenaar (Dronryp) en August Bootsma (Frjentsjer) ûnderskieden mei it Bûnsynsynje. It ôftredend HB-lid Piet Zondervan wurdt beneamd ta lid fan fertsjinste.

Desimber

2. Keatsferiening Mei Elkoar Nij Libben fan Wurdum-Wytgaard seit har lidmaatskip fan de KNKB op. De ôfdracht oan de KNKB is de wichtichste reden.

Theo Kuipers

Klassemintswinners 2011

Hearen haadklasse	Taeke Triemstra (St. Jabik)
Hearen earsteklasse/senioaren	Pieter Bakker (Ljouwert)
Hearen junioaren	Siebe Greidanus (Wjelsryp), Jouke Bosje (Baaium), Pieter Sijbren Scharringa (Wjelsryp)
Hearen 30+	Mannes van Weert (Ljouwert)
Hearen 50+	Johannes Siegersma (Berltsum)
Dames haadklasse	Fenna Zeinstra (Boalsert)
Dames earsteklasse	Evelien Westra (Bitgum)
Jonges	Hendrik Bouwhuis (Boalsert)
Famkes	Pytrik Visser (Seisbierrum)
Skoaljonges	Dirjan Bouma (Grou)
Skoalfamkes	Marrit Zeinstra (Peins)
Pupillen jonges	Sander Gerbrandy (Hommerts)
Pupillen famkes	Jennie Terpstra (Mantgum)
Welpen jonges	Mark Polstra (Menaam)
Welpen famkes	Rixt Wijnia (Wommels)



Sander Gerbrandy fan de noch jonge keatsferiening út Hommerts (2007). Hy wie dit jier klassemintswinner by de pupillen jonges. Foto: famylje Gerbrandy.

de bank van willen is kunnen



Het is net als in de sport. Het is makkelijk om jezelf rijk te rekenen. Als we u adviseren over vermogensopbouw en -beheer, nemen we alle factoren mee die van belang kunnen zijn, nu en in de toekomst. En dan kan het een financiële meevaller worden, maar bent u in ieder geval tegenvallers vóór. **frieslandbank.nl** of **(058) 299 55 99**.



*Friesland Bank Hoofdsponsor KNKB
en sponsor Vrienden van het Kaatsmuseum*

F Friesland Bank
Willen is kunnen